

OEBELE VRIES

In ekstremist út Westergeast

*Jan Bartele Vries,
syn libbensgong, syn tinkwrâld*

BORNMEER

Dizze útjefte is ta stân kommen mei stipe fan de Provinsje Fryslân

© 2023 Oebele Vries | útjouwerij Bornmeer

Foarmjouwing omslach: Barbara Jonkers

Foarmjouwing binnenwurk: Robert Seton

Printwurk: Wilco, Amersfoort

ISBN 978 94 6471 041 0

NUR 524 | 681

Alle rjochten foarbehâlden. Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige en/of iepenbier makke wurde troch printsjen, fotokopy, mikrofilm of op hokker wize ek, sûnder dat dêr skriftlike tastimming oan foarôf giet fan útjouwerij Bornmeer, postbus 234, 8400 AE De Gordyk, Nederlân – info@bornmeer.nl.

Bornmeer is in ymprint fan

20 leafdesdichten en in liet fan wanhoop bv

www.bornmeer.nl

WURD FOAROF

Lang ha ik it idee hân dat ik fan de persoan oer wa't dit boek giet te min ôfwist om syn biografy skriuwe te kinnen. Op it lêste hie ik lykwols it gefoel dat ik my der dochs oan weagje koe. Dat kaam trochdat ik wilens tagong krige hie ta twa net-iepenbiere brievekolleksjes, dy fan Sjoerd Atzes van der Meulen en Haring Tjittes Piebenga. Kor van der Meulen en Mette Meinou Piebenga ha har beide tige ynspand om dêr alles út gear te fandeljen wat foar my fan belang wêze koe. Ik bin har beide dêr út soarte o sa tankber foar.

Tige holpen ha my ek ir. Tjipke P. Wyngaarden silger, Hindrik van der Ploeg en Eric Wilderom. Wyngaarden wie gjin muoite te folle om it Wageningsk studintefermidden foar my iepen te lizzen, Hindrik, kenner fan de skiednis fan de Fryske hinnerassen, stie my de tekst ôf fan syn ynterview mei de suster fan de beskreaune persoan, en sûnder Eric syn help hie ik inkelde foar my uterst belangrike dossiers út it Centraal Archief Bijzondere Rechtspleging mist.

Fierders ha ik yn 'e rin fan it ûndersyk ynljochtingen, tips of help krige fan de folgjende persoanen: David Barnouw, Tony Feitsma†, Johan Frieswijk, J.P. Haisma†, Evert Kramer, Peter van der Meer, G.J. Ruiter jr., P.C.M. Simons, Eelkje Sipkema-Reinders, Douwe Tamminga† en Gjalt Zondergeld. Ik tankje har allegearre tige.

As lêste neam ik dat ik ek tank ferskuldige bin oan Gerda Vries-Muller silger, dy't – hoe swier it har ek foel – my oer de telefoan in byld sketst hat fan har man.

Westergeast, july 2022.

YNLIEDING EN FERANTWURDING

Soan fan in boer út de buorren fan Westergeast. Yn 'e fierte famylje. Ien dy't hiel goed leare koe. In aardige en fleurige keardel. Syn Hollânske faam moast fan him Frysk leare. Mar ja, hy swearde by Hitler. En hy is yn 'e oarloch yn Dútslân omkommen. Sa sawat waard yn myn jonge jierren by ús thús oer Jan Bartele Vries praat.

Jan – sa waard Jan Bartele koartwei neamd – wie in achterneef fan ús pake. By tafal wienen syn heit en ús pake beide boer wurden yn Westergeast, syn heit yn 1908, op in pleats yn de buorren, ús pake yn 1925, op in pleats bûtenút. Wakker meinoar thús waarden se net, ek al om't se ûngelyk tochten oer tsjerke en polityk. Sadwaande stjoerden se har bern nei ferskillende skoallen. Dat wie krekt yn in tiid dat yn Westergeast de foarstanners fan de kristlike skoalle – dêr hearde Jan syn heit ta – en fan de iepenbiere – dêr wie ús pake ien fan – skerp foarinoar oer stienen. Oars as yn it bestjoer fan in lytse polder kamen Klaas en Oebele Vries inoar net sa gau tsjin.

Yn letter jierren wenne Jan syn suster Ruerdtsje noch altiten op 'e pleats yn de buorren. Op in stuit begûn ik de loop dêrhinne te krijen. Dat wie foaral om Ruerdtsje har man, de amateur-argeoloch Johannes Minnema, in hiel bysûndere persoanlikheid. Oer Jan waard ek wol praat, mar Jan, dat lei gevoelich. Foaral ek om't syn mem – se soe op in healjier nei hûndert wurde – der earst ek noch by oanskode. Dy hie nei Jan syn dea alles wat se fan him fine kind hie, opbaarnd. Dat seit genôch.

Begjin 1991, nei't Johannes en Ruerdtsje beide stoarn wienen – bern hienen se net –, krige ik wat hiel bysûnders yn besit: Jan syn oantekeningboek oer syn argeologyske ûndersikingen, dat Johannes altyd bewarre hie. It jiers dêrop stjoerde de soan fan Geart Ruiter, de man dy't yn de besettingstiid as

Direkteur-Generaal fan de Lânbou in skoftsjie Jan syn sjef west hie, my in gedicht ta dat syn heit makke hie ta oantinken oan Jan. Hy woe graach witte: wa wie dy Jan Bartele Vries? Sa rekke ik hyltiten mear yn Jan ynteressearre. Yn 1993 socht ik kontakt mei syn widdo, dy't doe noch libbe. It is bleaun by ien lang telefoanpetear. Se woe net dat ik har opsocht.

Jan syn frou hie de hoop dat mei de tiid elk oantinken oan him útwiske wurde soe. Mar ik kin dat net oars sjen as in yllúzje, in ûnmooglikheid, alhiel yn in tiidrek dat safolle materiaal út it ferline, derûnder ek kranten, digitalisearre wurdt. Boppedat ha in pear auteurs al oer him skreaun, yn it bysûnder Bert Mombarg yn syn dissertaasje oer de organisearre rasplomfeetylt út 2000.¹ Fierders is Hindrik van der Ploeg yn 2001 yn in lang krante-interview mei Kerst Huisman syn libbensrin al ris neigongen.²

My tinkt dat it jaan fan in sa earlik mooglik byld fan Jan syn libben en tinkbylden – dy't ik, foar alle dúdlikens, fier fan my smyt, syn Fryksinnigens útsûndere – better is as dat der in dizenich byld fan him hingjen bliuwt. Dêrom ha ik my der lang om let ta set om Jan syn koart, mar yntinsyf libben en syn bjusterbaarlike tinkwrâld te beskriuwen en sa mooglik te begripen.

NOATEN

- 1 Mombarg, *Houden van kippen*, 170-172 en passim.
- 2 K. Huisman, 'De Fryske hin als volks cultuursymbool', *Leeuwarder Courant*, 27-4-2001.

Memme famylje

Jan Bartele syn widze stie yn Westergeast, in wâlddoarp yn de westhoeke fan Kollumerlân. Op 25 july 1911 seach er dêr it earste libbensljocht, trije jier nei't syn heit Klaas Barteles Vries en syn mem Maaike Jans Fokkema troud wienen. Hy wie it âldste bern. Wer trije jier letter, yn 1914, folge noch in suske, dat de nammen Ruurdje Wiepkje meikrige (ropnamme Ruerdtsje). Jan Bartele syn âlden joegen him dus twa foarnammen: dy fan syn beide pakes. Dêrby wie it aparte dat net de namme fan de pake fan heitekant foaropstie, sa't men ferwachtsje soe, mar dy fan memmekant. Dêr siet wat achter. Dêr waard nammentlik mei ta útdrukking brocht dat de pake fan memmekant, Jan Fokkes Fokkema, boer te Westergeast, heger set waard as dy fan heitekant, Bartele Oebeles Vries, boer te Hamsterpein ûnder Harkema-Opein (sûnt 1921 ûnder Droegeham). Om it wêrom dêrfan te begripen moat it sykljocht rjochte wurde op 'e famylje Fokkema en har plak yn Westergeast.

De Fokkema's wienen dêr al generaasjes lang boer.¹ Al yn 1778 komt de stamheit, Focke Wybes, foar as hierder fan Bumastate, de grutste boerepleats yn de buorren fan it doarp. Letter waard er eigner fan dy pleats. Syn soan Tsjibbe Fokkes naam yn 1811 de achternamme Fokkema oan. Yn 1860 gie Bumastate oer op in dochter fan Tsjibbe, dy't troud wie mei in Keuning. Tsjibbe syn soan Fokke krige in part fan it lân mei en liet skean foar Bumastate oer in nije pleats sette, ien fan it kopromp-type. Jan Fokkes Fokkema, doe acht jier âld, mocht de earste stien lizze. Letter soe er syn heit opfolgje as boer op dy pleats.

De Fokkema's hearden, krektgelyk as hast alle ynwenners fan Westergeast, ta de herfoarme tsjerke. Wolle wy har plak yn it doarp bepale, dan moatte wy ynsjoch ha yn de tsjerklike ferhâldingen dêr. Al sûnt de Reformaasje foarmen Westergeast en buordoarp Aldwâld in kombinaasje. De pastory stie yn Aldwâld, mar Westergeast hie noch wol in eigen tsjerkfâdij. No wie it yn de herfoarme tsjerke yn Fryslân yn de njoggentjinde iuw lang sa dat de floreenplichtigen – dat wienen de eigners fan de lannen dy't yn earder tiid by de saneamde stimdragende pleatsen heard hienen – de dûmny oanwiisden en de tsjerkfâden keazen. Trochdat it stimrjocht mearfâldich wie – wa't mear lân hie, hie ek mear stimmen – hienen de grutte grûnbesitters it yn tsjerklike saken feitlik foar it sizzen. Sa koe it komme dat op gâns plakken de gemeenteleden yn mearderheid otterdoks wienen, wylst se it, as it gie om it kiezen fan in dûmny of tsjerkfâden, dochs ôflizze moasten tsjin de 'modernen' (oftewol frijsinnigen), dêr't de grutte grûnbesitters ornaris ta hearden.

Yn Aldwâld-Westergeast wie it net oars. Dêr beskikte Hector Livius baron van Heemstra fan Fogelsanghstate te Feankleaster allinnich al oer hast de helte fan de stimmen en ek hy wie op 'e hân fan de 'modernen'. Sa sjogge wy dat yn Aldwâld-Westergeast kear op kear 'moderne' dûmnys beroppen waarden en dat de tsjerkfâdij yn hannen wie fan net-otterdoksen. Yn 1862, doe't der wer stimd wurde moast oer it predikantsplak, die him lykwols wat bysûnders foar.² De kandidaat fan de otterdoksen krige nammentlik op 'e kop ôf ien stim mear as dy fan de modernen (327 tsjin 326). Baron Van Heemstra wist lykwols in twadde stimming ôf te twingen en nei allerhande masjinaasjes krige, tsjin de wil fan hast de hiele gemeente yn, sijn kandidaat de beneaming.

Fan 1867 ôf waard de macht fan de floreenplichtigen yn tsjerklike saken stikje by bytsje ôfbrutsen. It stimrjocht gie no oer op 'e belidende manlike lidmaten. Doe't de baron syn dûmny yn 1878 in berop oannaam nei in oare gemeente, krigen de otterdoksen yn Aldwâld-Westergeast lang om let har kâns. Nei't earst inkelde

beroppenen betanke hienen, koenen se úteinlik Johannes Douwes Politiek, soan fan in begoedige boerefamylje út Wûns, as nije dûmny ynhelje.³ Yn 1880 waard ds. Politiek befêstige. Aldwâld-Westergeast wie syn earste gemeente. Hy soe dy ek net mear ferlitte. Net minder as fjirtich jier, oant syn emeritaat yn 1920, hat er de gemeente tsjinne. En dat net allinnich, hy hat yn dy lange jierren op it tsjerklik en ek it maatskiplik libben fan de beide doarpen in net út te wiskjen stimpel set.

Ds. Politiek wie op en út in dissipel fan Jan Melles van Dijk, ôfkomstich fan Tsjom, dûmny te Doetinchem, mar foaral evangelist.⁴ Ds. Van Dijk seach it as syn ropping om jonge mannen op te lieden dy't de Herfoarme tsjerke befrije moasten fan it modernisme. Dêrta rjochte er yn 1867 de Vereeniging tot Bevordering van de Inwendige Zending op, dy't gâns jild wist binnen te heljen. Sadwaande koe in jier letter it lânhus Ruimzicht te Doetinchem oankocht wurde, dat ynrjochte waard ta ynternaat foar ds. Van Dijk syn 'kwekelingen'.⁵ Johannes Politiek wie ien fan harren. Dy achtergrûn foaral ferklearret syn geweldige ynset yn syn earste en iennichste gemeente.

Yn koarte tiid wist ds. Politiek it tsjerklik libben yn Aldwâld en Westergeast ta grutte bloei te bringen. Mar net allinnich dat. Wat er op wat langere termyn ta stân brocht, wie de feitlike 'konfesjonalisearring' fan dy beide doarpen, dy't er wist út te bouwen ta in bolwurk fan de otterdoks-herfoarmen. Dêrby wienen de famylje Fokkema en de dêrmei fersweagere famylje De Bruin syn grutste stipe. Dêrnjonken koe er rekkenje op in troch it Réveil oanrekke ienfâldige skuonmakker, Gerrit Kornelis ('Keike') Stelma, dy't yn Westergeast fol fjoer sneinsskoalleûnderwiis joech.⁶

De earste en wichtichste stap yn it konfesjonalisearringsproses wie wol it ryp meitsjen fan de minsken foar it idee fan in kristlike skoalle. Yn 1884 wie it safier dat ûnder foarsitterskip fan ds. Politiek in skoalferiening oprjochte waard. Jan Fokkema krige sit yn it deistich bestjoer. Nei't fûleindich aksje fierd wie om jild yn te sammeljen koe de skoalle yn 1885 iepene wurde.⁷

As plak dêrfoar waard in stee keazen oan de eastkant fan De Trieme, doe noch in útbuorren fan Westergeast, dat kocht waard fan Jan Fokkema syn heit. Mei de beneaming fan Bernard Migchelbrink ta haad fan de skoalle yn 1893 krige ds. Politiek nóch in fûle strider oan syn side. En boppedat ien dy't ek bleau, want dy Gelderskman, ôfkomstich út Dinxperlo, soe oant syn pensjonearring yn 1929 oan de Triemster skoalle ferbûn bliuwe. De minsken yn it doarp seagen by it skoallehaad, in steil en autoritêr man, op as in soarte fan twadde dûmny.

De Westergeastmer herfoarmen waarden no ek polityk wekker skodde. Yn 1889 slagge it om ien fan harren, Jan Fokkema syn sweager Heine Wiebes de Bruin, boer op in hierpleats yn Westergeast, ta riedslid keazen te krijen. De politike aksje kaam lykwols pas echt op stoom mei de komst fan master Migchelbrink. Yn 1895 waard yn Westergeast sels in eigen kristlik-histoaryske kiesferiening oprjochte mei Jan Fokkema as foarsitter.⁸ Yn de persoan fan master Migchelbrink hienen de kristlik-histoarysken in iverich propagandist yn har fermidden, ien dy't de minsken stevich wist te bewurkjen. Sa stevich dat neffens master syn eigen sizzen nei ferrin fan tiid alle Triemsters op 'e kristlik-histoarysken stimden.

Yn 1898 kaam it ta in oaniensluting fan de Fryske kristlik-histoaryske kiesferieningen ta de Bond van Kiesverenigingen op Christelijk-Historische Grondslag in de provincie Friesland, better bekend as de Friesche Bond. Haadbegjinsel wie de erkenning fan it herfoarme karakter fan de Nederlânske naasje – dat gie foaral yn tsjin de roomsken – en dêrmei ferbûn de ôfwizing fan de neutrale steat. Jan Fokkema waard ien fan de bestjoersleden.⁹ Itselde jiers kaam de klap op 'e fjoerpylk: Jan Fokkema waard foar it kiesdistrikt Dokkum keazen ta lid fan de Steaten fan Fryslân, dêrmei in liberaal fan syn plak ferdriuwend. Ien fan de al langer sittende leden fan de kristlik-histoaryske fraksje wie Melle Roelof van Bruggen fan Ingwierrum, ien fan de grutste boeren fan Eastdongeradiel. Hy wie in sweager fan

ds. Politiek, dy't – rillegau nei syn kommen nei Aldwâld – troude wie mei ien fan syn susters. Oer dizze Ingwierrumer boer, dy't him fier boppe de gewoane minsken ferheven fiede, bestiet in anekdoate dy't te typearjend is om hjirre net te fertellen. Steande op 'e rûchskerne om him hinne sjend soe er útroppen ha: 'Al wat myn each sjocht, is mines!'.¹⁰

De Friesche Bond gie yn 1908 mei de Christelijk-Historische Kiezersbond en de Vrije Antirevolutionairen in fúzje oan, wêrtroch't in nije lanlike partij ûntstie: de Christelijk-Historische Unie (CHU). De bestjoersleden fan de Friesche Bond krigen allegearre in sit yn it lanlik haadbestjoer, dus ek Jan Fokkema. Grutte yndruk hat er dêr net makke. By syn ferstjerren waard yn it kristlik-histoarysk deiblêd *De Nederlander* fan him sein dat er him yn de bestjoersgearkomsten meast stilholden hie ('die zelden sprak').¹¹ Mar ek dat hy, as er in kear it wurd naam, in sterk prinsipiële lûd hearre liet.¹² Dat sil wol foaral in anty-roomsk lûd west ha.

Ek Heine de Bruin – Jan Fokkema wie troude mei syn suster Wiepkje – makke opgong. Yn 1905 liet er yn de buorren fan Westergeast in eigen pleats sette. Hy wie no dus hierboer ôf. Earder al hie er in sûkereifabrykje oprjochte, dat te stean kaam oan de Trekfeart, yn it útbuorrensjer De Bûnte Hûn. Yn 1907 makke er ek polityk promoasje, want doe waard er de earste kristlik-histoaryske wethâlder fan Kollumerlân. De konfesjonele partijen – de grutste wie de Antirevolutionaire Partij – hienen fan dat stuit ôf Kollumerlân fêst yn 'e hân. Dat utere him ûnder mear yn in strange oanpak fan wat se seagen as net te tolerearjen útspattingen. Foaral sneintejûns, as it jongfolk op stap gie en der hiel wat drank ynnommen waard, gie it der faak rûch oan ta. It gemeentebestjoer ferordonnearre no dat de herbergen op sneintejûn al om sân oere slute moasten. Dat wie net elk nei it sin. By Heine de Bruin waarden doarren, stoepe en homeie mei tarre ynsnard en waard in rût ynslein. De plysje hold dêrnei nachts geregeld de wacht by de pleats. No waard in

grutte turfbult by it sùkereifabryk yn 'e brân stutsen en letter gienen de ruten by it fabryk derút.¹³ Ien en oar hat fansels ek de Fokkema's tige rekke.

Om 1900 hinne foarmen yn Westergeast, in doarp sûnder notabelen, de famyljes Fokkema en De Bruin de heechste stân, sa fertelde my yn 1978 de fan De Bûnte Hûn ôfkomstige âld-tsiismakker Johannes Wiersma (syn heit hie dêr in lyts herberchje, De Trije Romers). Se waarden as iennichsten mei de achternamme oansprutsen, de manlju hienen ek as ienichsten faak in hoed op en der waard heech by har opsjoen. Dêr stie foaroer dat se mar in bytsje sosjale kontakten hienen, want se hearden allinnich mar omgong te sykjen mei leden fan har eigen groep. Har bern hienen dêrtroch gjin fleurige jeugd. Yn dat frijwat stive fermidden no ferskynde Klaas Vries as skoansoan fan Jan Fokkema.

NOATEN

- 1 De Haan, 'Pleats to Westergeast'.
- 2 Wiidweidich beskreaun yn de deiboeken fan Sijbe Annes Starkenburg, boer te Feankleaster, oer de jierren 1862-1866. Historisch Informatiecentrum Noord-oost Fryslân (Dokkum), Archief Fokke Fokkes van der Zwaag te Oudwoude en Sijbe Annes Starkenburg 1728-1906, nr. 1820.
- 3 Keuning, *Van geslacht tot geslacht*, 47-53.
- 4 Wumkes, *Uit het leven en levenswerk*.
- 5 Moaie skets fan it libben op Ruimzicht by Wumkes, *Nei sawntich jier*, 59-75.
- 6 Stelma hat syn libbensgong en ideeën oer it leauwe foar syn bern beskreaun: G.K. Stelma, *De Stelma memoires* (letter úttypt troch J. Oegema). Fotokopy typoskript oanwêzich yn Tresoar, Ljouwert. Yn fjirtjin ôfleveringen, ferskynd tusken 5-1-1977 en 29-3-1978, ôfprinte yn *Nieuwsblad van Noord-Oost Friesland*.
- 7 De skiednis fan de skoalle is beskreaun troch Steenstra, "Groote dingen".
- 8 *Kollumer Courant*, 22-6-1895.
- 9 Van Spanning, *De Christelijk-Historische Unie*, I, 40-49.
- 10 De Graaf, *Wonen en werken in Engwierum*, 271-272.
- 11 *De Nederlander*, 23-12-1916.
- 12 Dat er him útsprutsen prinsipeel utere wurdt ek beklamme troch Algra, *De historie*, V, 301.
- 13 *Nieuwsblad van Friesland*, 24-2, 24-3 en 5-5-1909.

Heit en omke

Klaas Vries syn heit Bartele Oebeles Vries, lykas sein boer te Hamsterpein, wie in hiel oar man as Jan Fokkema. Om te begjinnen wie er net otterdoks, mar frijsinnich. Fierders wie er in stik fleuriger fan aard as de frijwat noartske Jan Fokkema. Syn grutte passy wie de jacht. Op syn grêfstien op it Droegehamster hôf – hy ferstoar yn 1920 – fine wy sels ynstee fan in psalm- of bibeltekst in gekoanstekkerich jachtgedicht:¹

Hier rust hij die 't jagen stout,
Op hazen en patrijzen,
De schrik was van het veld en woud,
Waar hij ter jacht mocht reizen,
Wien na het moeilijk aardsche leven,
Dit graf ter rustplaats werd gegeven.

Bartele Oebeles hie fiif soannen, fan wa't fjouwer boer waarden en ien in nôtmûne oernaam (yn Koatstertille). Bysûnder is wol dat Minze, de twadde soan, yn 1906 de earste boer yn Fryslân wie oan wa't in kentekenbewiis foar in motorrydtúch útrikt is (kentekennûmer B-4).² Klaas, berne yn 1879, wie de jongste. Motorriden wie syn passy.

Yn 1908 troude Klaas mei Maaïke, de jongste dochter fan Jan Fokkema en Wiepkje de Bruin. Maaïke hie in broer Fokke (berne yn 1878) en in suster Teatske (1879). Sels wie se fan 1881. Klaas kaam fuortdaalk nei syn trouwen op 'e pleats, want Fokke wie gjin boer wurden en Teatske wie de lange hier yngien mei

de eigner fan in goudsmidsaak yn Drachten, mei namme Ijje de Vries. Jan Fokkema hold dus op mei buorkjen. Skean oer de wei liet er in knap rinteniershûs sette, dat yn 'e folksmûle al gau bekend stie as 'it slotsje'.³

Fokke wie fierste folle in learder om boer te wurden.⁴ Nei't er al jong de ynfloed fan sneinsskoalleûnderwizer Stelma ûndergien hie, waard er op oanstean fan ds. Politiek, krektgelyk as earder de dûmny sels, nei it ynternaat Ruimzicht yn Doetinchem stjoerd. Nei it ôfmeitsjen fan syn gymnasiumoplieding dêr studearre Fokke teology yn Grins. Ien semester mocht er sels trochbringe oan de prestizjeuze Friedrich-Wilhelms-Universität (de tsjintwurdige Humboldt-Universität) yn Berlyn, dêr't er ûnder mear kolleezjes folge by de ferneamde lutherske teolooch Adolf von Harnack. Yn 1907, in jier nei syn doktoraal – him waard dêr it predikaat cum laude foar takend – promovearre er yn Grins ta doktor yn de godgeleardheid, ek wer cum laude, op in proefskrift, titule *De godsdienstig-wijsgeerige beginselen van Mr. G. Groen van Prinsterer*.⁵

Nei't Fokke, no dr. Fokkema, efkes helppreker njonken Jan Melles van Dijk yn Doetinchem west hie, naam er yn 1908 in berop oan nei Westeremden. Dêr krige er it dreech. Syn preekjen foel by syn Grinslanner gemeente net yn fruchtbere ierde en de âlde pastory, de letter sa bekend wurden 'weem' fan Westeremden,⁶ wie ûnbewenber ferklearre, dat hy moast omhúsmanje yn 'e foarein fan in leechsteande boerepleats.

Yn 1913 troude dr. Fokkema. It liket wol oft ds. Politiek in goede partij foar him regele hat, want hy naam in dochter fan earderneamde Melle Roelof van Bruggen ta frou, wêrtroch't er omkesizzer fan ds. Politiek waard. Bortzen van Bruggen (ropnamme Bor) wie in echte dame, dy't foarme wie op in kostskoalle foar rikeljusdochters yn Brussel.⁷ Se hie lykwols net in sterke holle en soe letter in senuwsykte ûntwikkelje.⁸ Se krigen ien bern: Anneke – folút Anna Cornelia – dy't letter ek dûmny wurde soe.

In jier nei syn trouwen sloech dûmny Fokkema nije wegen yn. Hy die ôfstân fan it predikantsamt en naam in beneaming oan ta ‘zendingsdirector van de Samenwerkende Zending-Corporaties’. Nei Westeremden waard no Rotterdam syn wenplak. Yn 1921 klom er op ta rektor fan de Nederlandsche Zendingsschool yn it deftige Oegstgeest. Yn dy funksje waard er in man fan grut oansjen. Dat die bliken doe’t him yn 1930 in hege ûnderskieding útrikt waard, dy fan offisier yn de Orde van Oranje-Nassau. Hichtepunt wie wol syn oanwizing ta tsjerklik heechlearaar oan de Ryksuniversiteit te Grins troch de Synoade fan de Nederlânske Herfoarme Tsjerke yn 1937. Dy beneaming naam er lykwols net oan. De net nei bûten brochte reden wie, sa ha ik my fertelle litten, de senuwsykte fan syn frou.⁹ Sa bleau er rektor yn Oegstgeest oant syn pinsjonearring yn 1946 (dêr nei wie er noch in jier waarnimmend direkteur). Fan dr. Fokkema is de folgjende selstypearring oerlevere: ‘Ik zie er misschien wat nors en onvriendelijk uit, maar ik ben het niet’.¹⁰ Dizze tige foaroansteande en heechdeftige man waard dus yn 1908 Klaas Vries syn sweager.

Nei syn trouwen krige Klaas Vries in swiere lêst op ’e skouers lein. Der hie in pleats foar him klearstien en dêr moast er wat foar oer ha. Dat betsjutte dat er fierder gean moast yn it fuotspoar fan syn skoanheit, net allinnich as boer, mar ek yn tsjerke en maatskippij.¹¹ Yn 1914 waard it tinken. Doe ferstoar Heine de Bruin, dy’t him fanwegen sykte al it jiers dêrfoar net wer beskikber steld hie as wethâlder, mar wól riedslid bleaun wie. De CHU kandidearre yn syn plak Jan Fokkema, mar dy betanke. Dêrop waard Klaas Vries ta kandidaat oanwiisd.¹² Men kin fan tinken wol ha dat syn skoanheit him nei foaren skood hat. Sa kaam Klaas Vries mei 35 jier yn de ried fan Kollumerlân. En dêr besocht er manmoedich te dwaan wat fan him ferwachte waard.

Op 21 desimber 1916 ferstoar alhiel ûnferwachts, yn ’e âldens fan 64 jier, ek Jan Fokkema. It waard in frijwat tryste begraffenis. Soan Fokke en dûmny Politiek wienen beide siik en koenen

net komme. Sneinsskoalleûnderwizer Stelma makke foar har in wiidweidich ferslach fan de útfeart.¹³ Sa witte wy dat ds. Griffijn fan Kollumersweach, dy't de lieding fan de begraffenis hie, sa frijmoedich wie om oer it karakter fan de ferstoarne ek in kritysk lûd hearre te litten: 'Bij onzen vriend hebben wij dit [de geest der zachtmoedigheid] soms gemist'. Under de 75 oanwêzigen wie mar ien dy't fan fierrens kaam. Dat wie Hendrik David Muller út Doetinchem, boer op 'e pleats dy't oan it ynernaat Ruimzicht ferbûn wie. Muller fertsjintwurdige de Christelijke Philantropische Inrichtingen fan de yn 1909 ferstoarne ds. Van Dijk. Yn in koart wurd, útsprutsen by it iepen grêf, memorearre er dat de ferstoarne in soad út 'e wei set hie foar ds. Van Dijk syn stiftingen. Hy stie der ek by stil dat er sels gauris by de Fokkema's yn Westergeast op besite west hie. Wy sille dizze Muller fierderop op 'e nij tsjinkomme.

Der kamen no mear funksjes op Klaas Vries ôf. Jan Fokkema hie yn syn lêste jierren ek noch tsjerkfâd west en dat plak, dat yn it doarp in soad oansjen joech, gie no as fanselsprekkend oer op syn skoansoan. Dy naam fierders, lykas syn skoanheit, sit yn in stikmennich polderbestjoeren. Dêrnjonken waard er al rillegau aktyf yn de Bijzondere Vrijwillige Landstorm (BVL), in soarte fan para-militêre organisaasje, dy't oprjochte wie nei Troelstra syn mislearre set op in revolúsje yn 1918. De BVL hie ta doel it stypjen fan it keningshûs en it wettich gesach yn tiden fan gefaar. As motorbesitter hearde Klaas Vries ta de elite fan de Fryske BVL, it Motorcorps.¹⁴ Wat syn riedslidmaatskip oanbelanget, efkes like it der op dat it dêr nei fiif jier mei dien wêze soe. By de ferkiezingen fan 1919 helle er it nammentlik krekt net. It jiers dêrop koe er lykwols tanksij in tuskentiidske fakatuere syn sit al wer ynnimme.

Koart nei de riedsferkiezingen fan 1923 spile him yn Westergeast in swiere striid ôf oer de takomst fan de iepenbiere skoalle.¹⁵ Dy hie nei de oprjochting fan de Triemster skoalle noch mar in bytsje learlingen oerholden. Doe't it skoallehaad

ûntslach frege, kaam by de ried in adres yn fan de âlden fan in tal learlingen, dy't fregen om omsetting fan de skoalle yn in bysûndere. Yn in twadde adres dienen foarstanners fan kristlik ûnderwiis út it doarp itselde fersyk. Mar wat letter waard ek noch in tredde adres yntsjinne: troch âlden fan learlingen dy't de skoalle iepenbier hâlde woenen. Klaas Vries hie net de inisjatyfnimmer fan de aksje foar omsetting west, mar moast no wol de kastanjes út it fjoer helje. En hy die syn uterste bêst. Sa gie er yn 'e ried fûl yn 'e slach fôár de omsetting fan de skoalle. Doe't de ried in kommisje mei in lid út elk fan de fjouwer fraksjes ynstelde om nei te gean op hoefolle learlingen de skoalle rekkenje koe as dy iepenbier bleau, waard Klaas Vries ien fan de leden. Ta syn argewaasje kamen de oare kommisjeleden – dêrby ek de antyrevolúsjonêr – op in heger tal learlingen út as hysels. Hy wegere dêrom om syn hân ûnder it kommisjerapport te setten, wat him bot kwea-ôf nommen waard. Doe't boargemaster en wethâlders úteinlik mei it útstel kamen om de skoalle net yn in bysûndere om te setten, ferliet er noch fôár de stimming alhiel oerstjoer de riedssitting. De skoalle bleau iepenbier.

Yn de jierren dêrnei feroare der wat by Klaas Vries. It begûn der mei dat er him yn 1927 net beskikber stelde foar in nije termyn as riedslid. Stadichoan waard er no wer mear himsels. Dat kaam in kear ta utering doe't de frou der in dei op út wie. Doe hoegde der ynienen net bidden te wurden foar it iten. Hy moat doe tsjin de tsjinstfaam, in suster fan Johannes Wiersma, sein ha: 'Hil fanke, wy frette der hjoed sa mar yn'.¹⁶ Syn relaasje mei de dûmnys waard der ek net better op. Sa soe er in kear de deftige ds. Johannes Luuring, dy't sûnt 1929 yn Aldwâld-Westergeast stie, fan it hiem jage ha.¹⁷ Hy bleau wol oan as tsjerkfâd, want dat wie in posysje dy't men net samar út hannen joech. Syn buorkjen stelde op it lêst net folle mear foar. Sa njonkenlytsen ferhierde er hast alle lân – neffens Johannes Wiersma út in sterk sosjaal gefoel – oan lytse boeren. Yn 1941 liet er boelguod hâlde,¹⁸ mar hy bleau wol op 'e pleats.

NOATEN

- 1 Karstkarel, *Dag, mijn liever moeder*, 384. Yn de earste rigel mist nei 'die' it wurdse 'in'. De tekst moat oernommen wêze fan in net mear besteande grêfstien op it tsjerkhôf fan Arum.
- 2 Foto fan de nûmerplaat yn: De Jong, *Drogeham Drogeham*, 109. Sjoch ek: <https://kentekens.tresoar.nl>.
- 3 Sjoch oer dat hûs: Fennema, *De gebouwe erfenis*, 100.
- 4 Sjoch oer Fokke Jans Fokkema: *Biografisch lexicon*, dl. 1, 78-79; J. Schotanus, 'Dr. Fokke J. Fokkema een markant figuur', *Nieuwsblad van Noordoost Friesland*, 16-8-1993. Argyfkolleksjes: Historisch Informatiecentrum Noordoost Fryslân (Dokkum), Archief Dr. F.J. Fokkema te Westergeest 1878-1963; Utrechts Archief, 1102-3 Raad voor de Zending: Nederlandse zendingsscholen, 23-26. Yn 25: Revue, samengesteld ter gelegenheid van de 80ste verjaardag (7 juni 1958) van Dr. F. J. Fokkema oud-rector Nederlandse Zendingsschool Oegstgeest (mei gâns biografyske ynformaasje).
- 5 Fokkema, *De godsdienstig-wijsgeerige beginselen*.
- 6 Sjoch byg. Wumkes, *Nei sawntich jier*, 138-140.
- 7 Ynformaasje fan R.W. Minnema-Vries. Oer kostskoallen foar famkes yn Brusel: Montijn, 'Verwende meisjes', 304.
- 8 Ynformaasje fan R.W. Minnema-Vries.
- 9 Idem.
- 10 Oanhelle yn de revue út 1958 (sjoch noat 4).
- 11 It byld fan Klaas Vries dat hjirre sketst wurdt, is foar in grut part basearre op ynformaasje fan Johannes Wiersma.
- 12 *Leeuwarder Courant*, 29-5-1914.
- 13 Historisch Informatiecentrum Noordoost Fryslân (Dokkum), Archief Dr. F.J. Fokkema 1839.
- 14 *Leeuwarder Courant*, 2-6-1931.
- 15 Sjoch Vries, *Boer Gerben Feitsma*, 35-36.
- 16 Brief J. Wiersma oan de auteur, 30-5-1978.
- 17 Heard fan Heine Jabiks de Bruin, †1994.
- 18 *Kollumer Courant*, 17-10-1941.